

Sjueryrapport Fedde Schurerpriis 2012

Ein 2011 kaam de sjuery fan de Fedde Schurerpriis, besteande út Hille Faber, Mette Piebenga en Tsead Bruinja, yn Tresoar byinoar om har te bûgjen oer de literêre rispinge oan Fryske debuten. Wy liezen fjirtich boeken, wêrfan sechtjin romans, trettjin poëzybondels, trije berneboeken en acht oarsoartige boeken. Sjuerylid Piebenga murk op dat in tredde part fan de kânshawwers útjûn wie troch Elikser, in útjouwer dy't skriuwers freget om de útjefte sels mei te beteljen. Dêr meie we inisjatyfnimmer en oprjochter Jitske Kingma fansels tankber foar wêze en dat binne we, mar it betsjut ek dat in tal fan dy skriuwers net terjochte koe by de reguliere útjouwers. Nei ús betinken wie der wol wurk by dat past hie yn dy fûnsen. It hie har te priizgjen stien as sy wat mear risiko naam hienen. Wy tinke dan bygelyks oan *Griene simmer* fan Bart Kingma of *De Koalmasaak* fan Jan Schokker, romans dy't wy mei in soad nocht lêzen ha.

Foar de shortlist, dy't fral bestimd wie foar de Fedde Schurerpublykspriis, keas de sjuery fiif boeken út fiif ferskillende sjenres, nammentlik de ferhalebondel *Fol túch de mist yn* fan Hidde Boersma, de biografyske skets *Gerben Rypma* fan Eeltsje Hettinga, de poëzijbondel *Fan glês it brekken* fan Elske Kampen, de jeugdferhalebondel *De oerwinnings fan Tido Houtsma* fan Thys Wadman en de literêre essaybondel *Identiteit en Kowesturten* fan Abe de Vries.

Yn Boersma's *Fol túch de mist yn*, in boek mei pakkende ferhalen oer jonge minsken dy't de wrâld yn geane en leauwe yn de kracht fan it tafal, befoel ús de hippy-achtige libbensfisy fan de ik-figuer, dy't as folget út de doeken dien wurdt: 'We hoegden mar geduldich te wêzen en út te sjen nei de ljochtpuntsjes fan goed útpakkend tafal yn 'e tsjustere brij fan de takomst. Mei dy hâlding kinne je gerêst fol túch de mist ynfarre.' De ferhalen van Boersma binne flot fan taal en lykje maklik skreaun, mar fergje in tige krekte observaasje fan de skriuwer. Dat en de konsekwint folhâlden toan makken fan dit boek in wisse kânshawwer foar de Fedde Schurerpriis.

Eeltsje Hettinga skreau in biografyske skets oer de skilder, dichter en boer Gerben Rypma (1878-1963), in skets dy't bytiden lêst as in roman, wêrby't de tûke kar fan de tafoege gedichten de tekst op pakkende wize fersterket. Hettinga beheinde him net ta de ups and downs fan Rypma, mar joech de lêzer in breder byld fan de sosjaal-ekonomyske omstannichheden, de Roomsk-Fryske taalbeweging en de Fryske literatuer yn Rypma's tiid. It is de skriuwer boppedat slagge om mei it bytsje ynformaasje dat er ta syn beskikking hie, in moai byld fan Rypma's libben en wurk te jaan, sûnder te romantisearjen. De yngeande stúdzje fan Hettinga nei it libben en wurk fan Rypma en de prachtige styl wêryn't dat libben yn dit boek foarmjûn waard, makken in djippe yndruk op de sjuery.

'In eksposee fan wurdrykdom en taalbehearsking,' neamde Eppie Dam yn de Ljouwter Krante de bondel *Fan glês it brekken* fan Elske Kampen en Cornelis van der Wal fûn yn it Friesch Dagblad de bondel sels no al 'in klassiker'. Dat binne grutte wurden foar in earsteling, mar se binne terjochte. De ienheid yn tematyk en de ûnderlinge gearhing fan de fersen yn *Fan glês it brekken* waarden ek troch de sjuery bewûndere. Kampen skreau in bondel oer de kwetsberens en brekberens fan it libben, wêryn't se har ôffreget hoe dat libben te libjen. Se docht dat op emosjonele wize, sûnder sentimenteel te wurden en nimt ús mei op har syktocht troch ús te ferlieden mei bylden, bygelyks yn it titelfers: 'Har ûnbekende heit fan

hurde / en glimmend glês, dat beslist / net brekke mei en it bern dat / djipwei wit hoe slim fan glês / it brekken is, moat dêrom tinke.'

De libbensfragen dy't it jonkje Tido Houtsma himsels stelt yn Thys Wadmans boek *De oerwinnings fan Tido Houtsma* binne nijsgjirrich foar bern, mar alle pesterijen, geheimen en ûndogenske útfynsels binne sa moai úttocht en opskreaun dat se ek foar folwoeksenen de muoite wurdich binne om yn mei te gean. It mei dan in berneboek wêze, de dilemma's en de dêrby hearrende psychology binne djipgeand útwurke. Boppedat is it moai om te sjen hoe't Tido him net oeral foar skammet, wylst er him wol de hiele tiid bewust is fan it morele aspekt fan syn hanneljen, ek at er ûndogens is. Dit boek lit bern reflektearje op wêr't se steane yn har jonge libbens en makket har striidber en mûnich. Dêrneist is de humor yn *De oerwinnings fan Tido Houtsma* moai subtyl fan toan en de taal geef en modern tagelyk, noait âldfrinzich of bryk.

'Abe de Vries toant him in ynlibjend, belêzen en meinimmend besprekker dy't it oardieljen net mijt, mar ek de keunst fan bewûnderjen ferstiet,' sei de yn 2010 ferstoarne kritikus, skriuwer en dichter Harmen Wind yn de Ljouwter oer de essaybondel *Identiteit & Kowesturten*, dy't poëzij, proaza en muzyk oereidet. De Vries doarde it oan en skriuwer in boek te fan en oer de literatuer, dat him net allinne beheint ta Fryslân mar lykas *Fol túch de mist* yn fan Hidde Boersma, syn wjukken útslacht oer de hiele wrâld. De Vries is in polemist en hat mei syn eigensinnige fyzje op de Fryske poëzy en proaza in oantal opfettings oer skriuwers feroare, bygelyks oer Tjitte Piebenga en Douwe Hermans Kiestra. It boek jout de lêzer boppedat in grutter ynsjoch yn it wurk fan de jongere Fryske dichters, noait sûnder krityk, mar mei in posityf each en dat hat de ôfrûne jierren net altyd sa west. Dêrneist giet de Vries yn dialooch mei it ferline en dan fral mei Anne Wadman dy't de Fryske poëzij achter de kowesturten wei ha woe. Neffens de Vries moatte we krekt ús achtergrûn, dy't by in soad skriuwers noch altyd op it plattelân leit, erkenne en net keunstmjittich fuortdruke, omdat we sa graach modern wêze wolle.

Fiif prachtboeken, yn fiif ferskillende sjenres, boeken dy't by alle leafhawwers fan de Fryske literatuer yn de kast stean moatte soenen en dy't ek hast in hiel lêstrajekt foarmje kinne fan de jonge lêzer nei de adolesint oant de akademysk ûnderleine Fries ta. Mar der is mar ien boek dat winne kin en dat wy it moaiste en bêste debút fûnen fan de ôfrûne trije jier en dat is *Fan glês it brekken* fan Elske Kampen, in kwetsber en moedich boek wêryn't Kampen yn prachtige bylden it ferhaal fan in famke en de libbensfragen fan in dochter en folwoeksen frou oan ús foarleit.

De sjuery

Tsead Bruinja
Hille Faber
Mette Piebenga

publisearre op <http://www.sirkwy.nl/titel/821>